FrieschDagblad
Woensdag 3 december 2014



Beeldend kunstenaar Jochem Hamstra bij zijn lievelingsschilderij

Gezellig keuvelen op een zonovergoten grasveldje vlakbij de vaart.

Bruiloftsgasten.

(Cover:) Het volle café met de serveerster die Hamstra uit de krant haalde. Foto's: Simon Bleeker

# Expositie

# 52 verhalen om te spiegelen

**Museum Belvédère zou de nieuwste serie werken van Jochem Hamstra exposeren. Het ging niet door. De kersverse galerie Melklokaal in Heerenveen is er niet rouwig om en toont maar wat graag de 52 werken van Hamstra onder de titel *Het mooie leven*.**

Gerbrich van der Meer

Jochem Hamstra komt speciaal voor het interview met de bus uit Groningen naar de voormalige zuivelfabriek Jagtlust in Heerenveen. Daar is sinds september de galerie Melklokaal gevestigd. Als een prentenboek van het leven, sieren de 52 werken de witte wanden van het pand. Drie jongelingen, hangend op hun fiets met een shaggie in hun mond, een innig verstrengeld verliefd stelletje hangend tegen de jukebox, een fier oud dametje met haar hand leunend op de rugleuning van een stoel, een viertal mensen gezellig keuvelend op een zonovergoten grasveldje vlakbij de vaart, een café vol met kleppende mensen, een netgetrouwd paar, een oma op haar sterfbed. ,,Alle fasetten fan it libben komme werom yn dizze searje wurken, fan berte oant de dea."

Jochem Hamstra (1962), die al zeventien jaar zijn huis en atelier heeft in de Groninger binnenstad, werd als telg uit een schippersfamilie geboren op een schip in de Van Engelenvaart onder de rook van Heerenveen. ,,Ik kom út in laach fan skarrelskippers. Negoasjeskippers kinst ek sizze. Unôfhinklike lju. Mei in stik as fiif, seis skippen leine wy as famylje by elkoar oan 'e wâl. Wy libben fan 'e hannel yn âld izer, fodden en manufaktueren. Us mem gie mei klean of oare negoasje by de pleatsen del. Us beppe gie sels yn 'e tachtiger jierren noch de boer op. Doe wie al dúdlik dat jo dêr net mear fan libje koene, mar ik haw dy tiid noch wól meimakke en fan 'e frijheid preaun. Witst dat ik der hiel grutsk op bin. Tagelyk wie it in earmoedich bestean, hear, wy hiene gjin gas, gjin elektrysk. Doe't ik nei skoalle moast hawwe ús heit-en-dy in wenboat yn 'e haven fan 't Hearrenfean kocht."

Vijf jaar geleden kreeg Hamstra alle familiealbums en enveloppen met familiefoto's toebedeeld. De aanleiding was erg genoeg. In drieëneenhalf jaar tijd moest de beeldend kunstenaar afscheid nemen van zijn moeder, enige broer, oma, twee ooms en uiteindelijk zijn vader. Hij besloot iets met deze foto's te doen, zonder het publiek te belasten met zijn verhaal. ,,Dy foto's beslane sawat in minskelibben. Foto's út 'e tweintiger jierren dy't noch by ús beppe weikomme oant foto's fan de ieuwiksel." Om houvast te krijgen besloot hij 52 foto's uit te kiezen. ,,In jier beslacht ommers 52 wiken. Dy 52 wurken steane dus model foar in minskelibben." Hamstra dook het fotoarchief in en selecteerde de foto's op inhoud. Alle facetten van het leven moesten aan de orde komen. 'Het mooie leven' gaat over vergankelijkheid, maar ook over ervaringen van alle tijden. ,,Sjochst de tiidsgeast werom yn de bylden, mar ek de libbensyklus dêr't eltsenien him yn werkenne kin." Al te persoonlijke informatie werd niet meegenomen. ,,De wurken hawwe dêrom ek gjin titels. As ik sis dat dy frou ús mem wie, of dy jonge myn neef, dan werhâldt dat de beskôger om it byld of it ferhaal te heakjen oan syn eigen libbensyklus. It giet net om myn skiednis, mar om de skiednis dy't de bylden by de beskôger oproppe; dat eltsenien syn eigen ferhaal der by meitsje kin."

> It giet net om myn skiednis, mar om de skiednis dy't de bylden by de beskôger oproppe

Tegelijkertijd vormen de werken ook aanleiding om zich te bezinnen. ,,Hoe werklik binne de bylden? Foto's binne ommers faak posearre, yn in fraksje fan in sekonde wurdt in wrâld fêstlein. Mar is dy wrâld werklikheid of skyn?" De titel van de expositie *Het mooie leven*, is een uitnodiging, een serie werken waarin de toeschouwer zijn leven kan spiegelen. Afhankelijk van het levensverhaal van de beschouwer laat de betekenis van het werk zich uiteindelijk invullen.

Hamstra zijn lievelingschilderij is het landschapschilderij met de twee jongens op de polderdijk, net achter het viaduct waar de schepen van de familie lagen. ,,Dat bin ik en myn neef", verklapt hij. ,,Uteinlik haw ik it lânskip rauwer en rûger makke as op de foto. Dat wie echt hearlik skilderjen. Lekker baggerje mei ferve om dat modderige nei foaren te bringen. Ja, oan dat skilderij haw ik seker wat tafoege. Mar dat haw ik by mear wurk dien. It giet net allinnich om it werjaan. Ik haw ek skaad ynbrocht wêr't it net wie, oare kleuren brûkt, saken fuortlitten. Allerhanne skilderkeunstige yngrepen om it byld sa sterk mooglik te meitsjen." Zoals dat café met al die keuvelende mensen. ,,Op in stuit seach ik op in foto yn 'e krante in servearster dy't in blêd omheech hâldt yn 'e loft. Dy haw ik posysjone-

> Eltse kear beslute jo wer: lit ik it stean of helje ik it fuort

## Picasso-fan

### Met zweet en tranen de doeken veroveren

**Na de lagere school kwam Hamstra op de LTS, afdeling Horeca. De kunstacademie was toen nog lang niet in beeld, ook al herinnert hij zich die opdracht tekstverklaring voor Nederlands nog goed. ,,Ik wit wier net mear wêr't dy tekst oer gie, mar de swart-wyt yllústraasje dy't dêr by stie, makke grutte yndruk op my. It wie it byld 'huilende vrouw met zakdoek' út 1937 dêr't it leed fan it bombardemint fan de Dútske Luftwaffe op de Baskyske stêd Guernica yn útbylde waard. Ik hie noch noait soks sjoen. Dy ekspressy, it rauwe spatte der fan ôf." Zijn tekendrift die hij altijd al had, kreeg een boost toen hij na de LTS geen werk kreeg door de crisis in de jaren tachtig. ,,Ik tekene in soad, makke affysjes en tekene ek byldmateriaal foar it blêd fan de jongerenôfdieling fan de FNV." Zijn talent werd opgemerkt door een werkneemster van de FNV die hem adviseerde de avondopleiding van de kunstacademie Vredeman de Vries in Leeuwarden te volgen. Pas in het derde jaar, toen hij zich kon specialiseren in tekenen en schilderen vond hij zijn draai. ,,Uteinlik haw ik it measte leard fan de keunsskiednislessen, fan fotografy en de grafyske lessen. Myn eigen styl moast ik fine troch nei eksposysjes te gean en te sjen, sjen, sjen." Hij is altijd een Picassofan gebleven. Hamstra: ,,Dat stugge yn de koppen en lichems, dy basale wize fan ferve oanbringen, dat fyn ik prachtich, mar ek it lettere wurk fan Rembrandt ynspirearret my o sa." Hij noemt het werk *Hendrikje Stoffels, badend in een rivier*, een olieverf uit 1654. ,,Ast dêr ticht op stiest, sjochst hoe't de fervestreken set binne." Die directe manier van aanbrengen past deze kunstenaar. ,,Konsessy's dwaan is dan net oan 'e oarder. Eltse kear beslute jo wer: lit ik it stean of helje ik it fuort. Dat fyn ik der moai oan. Tafal spilet dêrby in grutte rol. Soms wol it, mar soms ek net. Der hinget no in skilderij yn Belvédère mei twa fiskkoppen derop. Yn it doek sit in gat. Ik hie grutte frustraasje. Ik krige it der net op sa't ik woe. Ik hie sa myn nocht dat ik ynienen de kwast mei de efterkant yn it doek smiten haw. Dat kin sa'n doek dus net oan. Uteinlik is it bêst in moai doek wurden, sels mei dat gat deryn."**

Expositie 'Het mooie leven' loopt tot 20 december in galerie Melklokaal voor hedendaagse kunst in Heerenveen







arre skeef boppe de pratende minsken yn it ferlingde fan de beklings fan de stuollen. Dêrtroch komt de klam op de skeane line te lizzen. Sûnder dy servearster hie it byld út twa statyske dielen bestien, de minsken ûnderyn en it swarte boppeyn."

Als schilder maakt hij het zich niet gemakkelijk. Toegegeven, hij was blij dat hij klaar was met dit project. „Yn oardel jier hie ik de 52 wurken op doek, mar dêrnei haw ik noch hast fjouwer jier dwaande west om de bylden definityf te meitsjen. Dan sette ik it wurk in skoftke oan 'e kant om it letter werom te heljen. „Kloppet it byld bygelyks anatomysk wol, frege ik my dan ôf. Joech dy kleur de atmosfear goed wer, of moast der dochs wat oars komme. Sjoch bygelyks dat skilderij fan dy man op it bêd. Op de iene of oare wize koe ik net goed út 'e fuotten mei de broek. Doe haw úteinlik in lampe op de lytse foto set. Doe pas die bliken dat it in tekken wie. Sjoch, doe koe ik wer fierder." Aan het eind van de rit had hij duidelijk schouderklachten. „Skilderjen is gewoan swier wurk, foaral omdat ik de achterkant fan it linnen brûk, dus de stugge kant, ynstee fan de foarkant." Omdat hij voor dit project grote doeken gebruikte, kostte dat veel energie. „Dêrby komt dat ik graach fervje mei ferve dy't al in bytsje yndroege is op it doek, dat makket it dûbel swier." Ja, hij heeft het volgehouden. „It wie in útdaging foar my om it projekt sa oan te pakken."

# Marcel Smit set mei 'Mear muzyk' stap foarút

**Cd-recensie**

Arjan Hut

Marcel Smit út De Westereen wie wend om covers te sjongen, yn it Nederlânsk, mar doe't er dêr in pear fan fêstlizze woe, like it ek wol in moai plan ta om in eigen ferske te skriuwen. Dat waard *Goudsjeblom*, dat by Gurbe Douwstra terjochte kaam en gauris op de radio kaam.

Apart, hoe't sa it ien ta it oar liede kin, want Smit is wilens in bekende namme yn Fryslân, in populêre sjonger dy't alris goede yndruk makke op it Frysk sjongersgala en krekt syn nije album útbrocht, *Mear muzyk*.

Alle teksten en de muzyk binne fan Smit. Sûnt 2012 spilet er mei in begeliedingsband, De Hiele Hannel, dy't bestiet út Wander van Duin (gitaar) en Wilt Dijk (bas). Fierder spylje der in soad muzikale gasten mei op *Mear muzyk*, lykas achtergrûnsjongeressen Carin Seegers, Elly May en Agnes Sambrink, wylst Gerbrich van Dekken in duet mei Smit oangiet (*In part fan dy*) en de plaat optilt fan de smaakfolle countryfolkaksinten, ynkleure mei ûnder oaren fioele en mandoline.

Fan it earste ferske ôf azemet *Mear muzyk* in countryfolksfear dy't wol ticht tsjin it wurk fan Gurbe Douwstra en Gerbrich van Dekken oankrûpt. Mei syn waarme stim en smûke ferskes wit Smit dêr syn eigen draai oan te jaan. It makket dêrby net út oft in ferske hiel sober of krekt hiel oanklaaid spile wurdt, Smit rêdt him der skoan mei.

Dêr't syn foarige cd nei myn smaak wolris wat al te swiet op it sentimint oanstjoerde, dêr klinkt dit ferfolch gâns oprjochter. „Us heit wie altyd foar ús op paad / Troch de wike wyt, yn it wykein swart", sjongt er yn *Boufakkerssoan*, krekt as *Leafdesferske* en *Ien winsk* ien fan de hichtepunten.

**Mei syn waarme stim en smûke ferskes wit Smit dêr syn eigen draai oan te jaan**

De smoute humor is bewarre bleaun, krekt as de Wâldfryske tongfal en de cd is fierder yn in kreas kartonnen hoeske stutsen, foarmjûn troch Wytse Sterk. *Mear muzyk* is in moaie stap foarút yn ferliking mei de foarige plaat.

Mear muzyk, Marcel Smit, 15 euro

# Branford Marsalis voert een tour de force uit

**Cd-recensie**

Hessel Fluitman

Branford Marsalis is een saxofonist van wereldklasse. In dertig jaar heeft hij een staat van dienst opgebouwd waar je U met een hoofdletter tegen zegt. Samen met zijn broer Wynton bij Art Blakey, als stersolist bij Sting en muzikaal leider van het televisieorkest van de *Tonight show*. Hij was de grote man achter het hiphop orkest en de cd *Buckshot Lefonque*, heeft het aangedurfd om het beroemdste muziek stuk van John Coltrane *A love supreme* opnieuw te spelen en de opname uit het Amsterdamse Bimhuis op cd en dvd uit te brengen.

**Het is een pracht, zoals hij de thema's behandelt en er op improviseert**

Wat miste hij nog? Een solo-opname. Nu niet meer. De live opname van zijn soloconcert in de Grace Cathedral in San Francisco is nu op cd verschenen.

Voor dat concert had hij een aantal stukken ingestudeerd en vier improvisaties ingepland. Hij zou *Stardust* spelen en *Body and soul*. Maar hij vergiste zich en speelde *Stardust* twee keer. Die tweede keer is niet op de cd verschenen. Verder heeft hij een sonate voor hobo van Carl Philipp Emanuel Bach gespeeld en enkele eigen composities.

Het is een pracht, zoals hij de thema's behandelt en erop improviseert. Vooral als je die thema's kent. De vier improvisaties zijn opgebouwd volgens verschillende ideeën en lijnen en ten slotte improviseert hij op een heel conventioneel bluesschema. Hij speelt onder andere met de echo in en de ruimte van deze kathedraal. Daardoor wordt zijn spel, dat normaal bijna kwikzilverachtig is, te traag. Voor kenners is zijn werk de moeite waard, maar het vraagt veel geduld van de 'gewone leek' op dit terrein. Je verwacht tevergeefs dat zijn loopjes gaan swingen. Als hij met zijn klank de ruimte van het gebouw gaat ontdekken, wordt het even spannend. Voor het publiek bij dit concert zal het geweldig spannend zijn geweest. Omdat je het mee beleeft. Op de cd zal je zijn spel door vaker te luisteren moeten leren waarderen.

In my solitude. Live at Grace Cathedral, Branford Marsalis, OKeh, cd 19 euro, lp 21 euro